

Dy't himsels
kidelje kin, kin laitsje
wannear't er wol

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



Fisitekaartsje

Baard krijt by it kafee oer de Boalserter Feart in nije karakteristike histoaryske flapbrêge

Pagina 7>



Fierljeppen

Lolke van der Sloot út Winsum Frysk kampioen fierljeppen mei sprong fan 10,61 meter

Pagina 7>



Tentoanstelling

Bysûndere sulveren keatsbal út Easterein hat plakje krigen yn Keatsmuseum Frjentsjer

Pagina 11>

Favoryt Frjentsjer drige yn 1968 op de Freule al te sneuveljen yn earste omloop 'Nei bemoedigjende wurden fan heit gong de knop om'



It jongespartoer út Frjentsjer yn de krânsen. Fan links nei rjochts: André Roosenburg, begelieder D.Ferwerda, Anske de Boer en Hennie Seerden.



Fyftich jier letter: Anske de Boer (links) en Hennie Seerden. André Roosenburg is ferstoarn.

Franeke – It partoer fan Frjentsjer wie foar de Freulepartij fan 1968 de grutte favoryt. Dy rol moast wol wier makke wurde. Yn de earste omloop spilen de senuwen in rol en tsjin Stiens kamen Hennie Seerden, Anske de Boer en André Roosenburg mei 4-1 efter te stean. It koe dochs net sa wêze dat de favoryt daliks nei hûs moast. Nei in pear bemoedigjende wurden fan heit Seerden gong de knop by de jonges om. Jûns stiene de trije Frjentsjerters yn de krânsen foar de bestjoerstinte.

Troch Hinne Bokma

Fyftich jier letter. Anske de Boer en Hennie Seerden fertelle oer de winst op de Freule, de keatsjerij en famyljerelaasjes. It plakboek mei krantekniptels en de horloazjes lizze op tafel. Harren keatsmaat fan doe, André Roosenburg, is yn 2002 ferstoarn. Op 8 augustus sitte Anske en Hennie op útnoeging fan it Freulebestjoer yn de bestjoerstinte.

Yn de oanrin nei de Freule hie it Frjentsjerter jongespartoer al hiel

wat partijen wûn. Ek de generale op it Sjûkelân, altiten op de sneins tusken de PC en de Freule, wie foar Anske, Hennie en André. Dêr wie yn Frjentsjer net elsenien sa gelokkich mei. „Winne je de generale yn Frjentsjer, dan ferlieze je de Freule yn Wommels”, sa waard der sein.

Finale

Dat gong dizze kear lykwols net op. Nei de winst op Stiens yn de earste omloop waarden Ried mei 5-0 en 6-0, Wergea (5-2/6-0) St. Jabik (5-1/6-0), Berltsum (5-2/6-2) en Tsjom (5-4/6-4) nei hûs stjoerd. Dy finale tsjin Tsjom wie noch bêst spannend, sa fertelle Anske en Hennie. It partoer fan Tsjom bestie neist Johannes Douwinga út de broers Louw en Piet van Kooten. „It publyk wie op de hân fan Tsjom. Doe't ik in misser makke begongen de minsken te klappen”, sa jout Anske oan. Op 4-4 waard it noch efkes flink spannend. Anske sloech der efterinoar twa ballen út, mar makke dat mei 2 sitballen ek wer goed. It waard 5-4 foar Frjentsjer en op 6-4 kearde André de bal en wûn in partoer fan Frjentsjer foar de achste kear de Freule.

Nei de winst wer op de brommer nei hûs. By it treinstasjon stie it korps klear en yn in iepen auto gong it troch de stêd en folge de huldiging. Letter wie der noch in offisjele huldiging. Frjentsjer hie yn dat jier ek de senioarenbûn wûn en de keatsferiening Jan Bogtstra bestie 75 jier.

Nei de Freule hat Hennie Seerden noch twa jier keatst yn de twadde klasse. Syn hert lei by it fuotbaljen, hy makke jierrenlang diel út fan it earste fan Harlingen. Anske de Boer mocht nei de winst op de Freule noch in jier by de jonges keatste en waard dêrnei reserve earste klasser. Hy kaam fiif kear út op de PC, mar rekke der alle kearen foar de prizen ôf. André Roosenburg wûn letter neist de Freule ek de Jong Nederland, de senioarenbûn en de PC en kaam yn it besit fan it Klaverke Fjouwer. Hy fuotbalde letter by SC Cambuur.

Anske hold oan it keatsen net allinne in gouden Freule-klokje mar ek in famke oer. Mia, in suske fan Hennie, waard letter syn frou. Sa binne de freulewinners fan 1968 no sweagers. Hennie krige letter noch op in oare wize mei de

Freulepartij fan dwaan. Yn 1987 wûn syn soan Erik de keatspartij yn Wommels. Yn 1991, 1992 en 1993 wûn Erik mei Thomas van der Meer en Rinse Bleeker de PC. Erik keatste altiten op sokken. Hy is yn it besit fan it Klaverke Fjouwer.

Anske en Hennie hâlde de herinnering oan de Freule fan 1968 libbend. De gouden klokjes binne bewarre. Faak komme se noch âldkeatsers sjen. „Yn elk doarp kinne wy wol minsken, dêr't wy as jonges tsjin keatst hawwe.”

Wiuwert wil meer Chinezen

Wiuwert - De eeuwenoude mummies van Wiuwert hebben een eigen website gekregen. De Friese notabelen die sinds 1609 in de grafkelder van de Nicolaaskerk zijn begraven, worden behalve in het Nederlands, Duits, Engels en Frans, nu ook in het Chinees en Japans beschreven.

„Wij vinden het een mooi tijdstip om nu aan te haken bij het culturele jaar 2018, met een eigen website in verschillende talen. Culturele Hoofdstad trekt veel buitenlandse bezoekers naar Fryslân en wij willen hen ook graag het wonder van Wiuwert laten zien. Het is toch een bijzonder icoon van de Friese geschiedenis”, zegt

kerkrentmeester Jan Theunis van Berkum.

Om in te haken op de groeiende stroom Aziatische toeristen naar Nederland, is het verhaal op de website ook in het Japans en in het Chinees beschikbaar. Er komen nu gemiddeld zesduizend bezoekers per jaar naar de Wiuwert mummies kijken en dat mogen er best weer tienduizend worden, net zoals in het verleden.

„We hadden geen eigen website, maar waren vindbaar op een Nederlandstalige pagina van de website van ons tweelingdorp Wiuwert-Britswert. Dat was al mooi, maar dit is professioneler”, aldus Van Berkum.

IEPENLOFTSPUL
JORWERT
1-29 septimber

de
famylje

Bellier

www.iepenloftspuljorwert.nl